



JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2022-2023

Gearstalling bestjoer:

Sipke Huismans, foarsitter	Kwartettekoor
Piet Miedema, ponghâlder	Administraasje, ponghâlder, webstee (demisjonêr)
Geart Bruinsma	Deputaatskip Fryske Earetsjinsten Frijmakke Tsjerken
Johannes Bakker	Kristlike Fryske Folks Bibleteek
Martha de Boer-van Slooten	Yntertsjerklike Fespertsjinsten Ljouwert
Tryntsje van der Veer	Nijkleaster
Liuwe Westra	Adviseur en plakferfangend skriuwer

Krekt as yn 2021 waard it iepenbiere libben yn Nederlân en dus ek yn Fryslan yn 2022 noch gâns in skoft behearske troch de beheining dy't ús oplein waarden omdat it koroanafirus der wie. Dochs wie it mooglik om in Krúspuntdei te organisearjen, dy't ek goed besocht waard en tige slagge wie. Benammen de ynbring fan it Kwartettekoar en it meiinoar sjongen foldiene de oanwêzigen tige.

It bestjoer hat nei de Krúspuntdei noch trije kear byinoar west yn 2022 en twa kear yn 2023. Op dy bestjoersgearkomsten wiene de wichtichste punten fan besprek de folgjenden.

1) De Bernard Smilde Priis: dy sil tenei ien kear yn it jier útrikt wurde oan persoanen of ynstânsjes dy't har fertsjinstlik makke hawwe foar it plak fan it Frysk yn 'e tsjerke. De earste kear moat de priis útrikt wurde yn 2023. As sjueryleden binne frege en reefûn: Peter van der Weide (Snits), Tytsje Hibma (Kimswert) en Grytsje Kingma (Sintjânsgea).

2) Belied en besteansrjocht fan 'e Stifting Krúspunt. Nei in pear kear diskusjearjen is it bestjoer ta de konklúzje kommen, dat der benammen op it mêd fan it taalbelied yn tsjerklik fermidden noch in taak leit. Dêr sil op 'e Krúspuntdei fan 2023 omtinken oan jûn wurde. Foarsitter Sipke Huismans hat yn it Frysk Deiblêd fan 14 desimber 2022 al in foarset jûn.

Fierders hat de Stifting Krúspunt in bydrage jûn oan it tastânkommen fan 'e biografy fan Tony Feitsma; it bestjoer wie fertsjintwurdige op 'e oanbieding fan 16 septimber 2022. Ek oan it tastânkommen fan *De Sneinen* fan Aggie van der Meer is in bydrage jûn.

Lollum, 18 maart 2023

Liuwe H. Westra, plakferfangend skriuwer